

Mevr. A. Toering-Schuurmans
Swannedrift 11
9022 AR Mantgum

Ljouwert, 31 maart 2015
Ferstjoerd, 02 APR. 2015

Ús merkteken : 01204096
Ôfdieling : Kultuer & Mienskip
Opsteld troch : E. Duijff / (058) 292 51 94 of e.duijff@fryslan.nl
Jo merkteken : -
Taheakke(n) : -

Ûnderwerp : antwurden op de skriftlike fragen oer de posysje fan Omrop Fryslân, ex.
kêst 39 Reglemint fan Oarder

Achte mefrou Toering,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 39 fan it Reglemint fan Oarder oangeande de posysje fan Omrop Fryslân, ynkommen op 10 maart 2015 beäntwurdzje wy as folgt. .

De besunigingen út it hjerstakkoart 2013 geane net, sa't jo yn de ynliding ta jo fragen skriuwe, net yn 2016 yn, mar yn 2017. In besuniging fan 25 miljoen yn 2016 is ek net mear oan 'e oarder; wol moatte de regionale omroppen yn 2017 mei-inoar 17 miljoen besunigje.

Fraach 1:

Is de deputearre it mei de FNP iens dat de Omrop struktureel ien fan de wichtichste pylgers is ûnder it taalbelied fan dizze provinsje en dit kolleezje?

Antwurd fraach 1:

Ja, dat binne wy mei jo iens. Omrop Fryslân stjoert út yn it Frysk en is sadwaande krúsjaal foar it libbene gebrûk en de ûntwikkeling fan it Frysk. Dêrmei is de Omrop yndie in wichtige pylger ûnder it provinsjale taalbelied.

Fraach 2:

Is de deputearre it mei de FNP iens dat de Omrop dêrmei te wichtich is om de útkomst fan de takomstige konstellaasje oan ROOS allinnich oer te litten?

Antwurd fraach 2:

Ja, en dêrom binne de folgjende stappen setten. Yn jannewaris 2013 hat der bestjoerlik oerlis west mei steatssiktaris Dekker oer de bysûndere posysje fan Omrop Fryslân en it belang fan in brede Frysktalige programmearring. Dêrnei hat der regelmjittich amtlik oerlis west mei it ministearje fan OCW.

Yn de op 22 april 2013 ûndertekene Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK) hawwe wy ôfpraat dat it Ryk by de útwurking fan de foarnimmens fan it Kabinet oer it omropebestel, en by de fierdere ûntwikkeling fan it mediabelied, rjocht dwaan sil oan it rapport en de advizen fan de "Tijdelijke Commissie Borging Friese Taal in de media".

Foarútrinnend op de debatten yn de Twadde Keamer oer it nije mediabestel hawwe wy de ôfrûne jierren yn gearwurking mei it Steatekomitee Frysk yn de lobby de bysûndere posysje fan Omrop Fryslân ûnder de oandacht brocht. Yn de Keamerdebatten fan juny en desimber 2014 hat de steatssiktaris nei oanlieding fan mûnlinge fragen fan Keamerleden oanjûn dat hy de oanbefellingen fan earder neamde kommisje oernimt.

Fierder is der regelmjittich bestjoerlik en amtlik kontakt mei Omrop Fryslân.

Fraach 3:

Binne jo op de hichte fan de plannen fan ROOS, hawwe jo dêr op ien as oare wize ek oan meiwurke?

Antwurd fraach 3:

Wy witte dat ROOS op fersyk fan steatssiktaris Dekker wurket oan in advys oangeande de organisaasjestruktuer en de ynfolling fan de besuniging fan 17 miljoen op de regionale omroppen. Dat advys is by ús witten noch net klear. Wy hawwe it sadwaande ek net ynsjen kinnen. Der hat amtlik kontakt west mei de hear Jan Koster, direkteur fan Omrop Fryslân en fice-foarsitter fan ROOS, oer omtinken yn it ROOS-advys foar de bysûndere posysje fan de Fryske regionale omrop yn it nije mediabestel.

Fraach 4:

Is it krekt dat de Omrop dêr gjin aparte posysje as eigenstannige stjoerder yn de Fryske taal mear by ynnimt? Is it krekt dat der tocht wurdt oan in Noardlike regionale omrop organisaasje yn Grins mei ien haadredakteur en saaklike lieding dy't it belied bepaalt ek oangeande de folsleine en alsidige programmearring yn it Frysk?

Antwurd fraach 4:

Lykas hjirboppe oanjûn, hawwe wy it ROOS-advys net ynsjen kinnen. Yn de Mediabrief fan steatssiktaris Dekker fan 13 oktober 2014 is lykwols te lêzen dat de regionale omroppen har eigen redaksjes en programmabepalende organen (PBO's) hâlde moatte, mar dat der mooglik gearwurke wurde kin op it nivo fan de back office.

Fraach 5:

Wat is de fyzje fan de deputearre hoe't de ferankering fan de Omrop yn de nije Mediawet en de nije konstellaasje fan de regionale Omroppen der út sjen moat? Binne jo foar in selsstannige Omrop mei in aparte (ôfwikende) finansiering en in eigen direksje en haadredaksje, of foar it lykskeakeljen fan de Omrop yn in eventuele nije klusterorganisaasje neffens lanlik model? Hokker foarm tinke jo jout de bêste strukturele garânsjes foar de folsleine en alsidige programmearring yn de Fryske taal?

Antwurd fraach 5:

Ús ynset is yn it earste plak dat it belang fan in brede Frysktalige programmearring yn de Mediawet ferankere wurdt. De Tijdelijke Commissie Borging Friese Taal in de media jout oan dat dy folsleine en alsidige programmearring yn de Fryske taal op in eigen stjoerder te sjen en te hearren wêze moat, en dat dêr in ôfsûnderlik bepaald budzjet foar fanneden is. Dêr sille wy de steatssiktaris oan hâlde (sjoch ek it antwurd op fraach 2). In eigen selsstannige Fryske redaksje en haadredaksje liket ús de bêste boarging foar dy brede en alsidige Frysktalige programmearring, ek yn in mooglik wizige lanlik model.

Fraach 6:

Hoe ferhâldt in Noardlike regionale omrop him ta it provinsjale belied om mei te wurkjen oan in nij Frysk Mediasintrum mei de kranten en oare media, wat de finânsjes oangiet, en wat de Fryske taal oangiet?

Antwurd fraach 6:

Wy hawwe gjin sinjalen ûntfongen dat der ein Noardlike regionale omrop komme soe. Gearwurking tusken de trije regionale omroppen yn it Noarden op it mêd fan de back office slute wy yn 'e takomst net út. Mei in selsstannige omropredaksje is gearwurking mei oare media-partijen neffens ús lykwols goed mooglik.

Fraach 7:

Wat hat de deputearre konkreet dien nei it mislearjen fan de earste opdracht fan ROOS, om de oanbefellingen fan de Kommisje-Hoekstra 2 realisearre te krijen binne de Mediawet oan de iene kant en binnen in eventuele nije konstellaasje fan regionale omroppen oan de oare kant? En wat wie it resultaat dêrfan?

Antwurd fraach 7:

Der lei in opdracht ta yntegraasje fan ROOS en NPO. Dêr binne de beide partijen ûnderling net útkommen. Dy yntegraasje is fan 'e baan, en dat fine wy in goede saak. No wurdt der tocht oan ien lanlike organisaasje dêr't de regionale omroppen ûnder falle moatte soene. Steatssiktaris Dekker hat ROOS dêroer om advys frege. Dekker hat ROOS ek frege om dêr de bysûndere posysje fan de Fryske regionale omrop yn mei te nimmen.

Fraach 8:

Hat de deputearre sels mei de steatssekretaris om'e tafel sitten om út de ympasse te kommen? Sa nee, wie it dêrfoar net wichtich genôch? Graach jo argumintaasje.

Antwurd fraach 8:

De deputearre en de Kommissaris fan de Kening hawwe al yn jannewaris 2013 mei de steatssektaris om tafel sitten. De bysûndere posysje fan Omrop Fryslân is doe by him ûnder de oandacht brocht. Dat hat doe net ta in wiziging laat yn de plannen fan it kabinet oangeande it mediabestel. Dêrom is de route nei de Twadde Keamer ynset. Dat hat resultearre yn ferskate keamermoasjes en de tasizzing fan de steatssektaris dat er de oanbefellingen fan de kommisje-Hoekstra oernimme sil.

Fraach 9:

Binne jo noch hieltyd fan betinken dat de Fryske ynset fia it finansjele spoar fan de besuningsopdracht rinne moat, sa't jo earder seine yn antwurd op mûnlinge fragen fan de FNP yn de Steaten. Graach jo argumintaasje wêrom wol as net?

Antwurd fraach 9:

Der binne neffens ús twa spoaren foar de Fryske ynset: ynhâldlik en finansjeel. Ynhâldlik is ús ynset rjochte op ferankering fan de bysûndere posysje fan de Fryske regionale omrop yn de Mediawet, en it neikommen fan de ôfspraken dy't wy mei it Ryk makke hawwe oer de posysje fan Omrop fryslân by de útwurking fan it nije mediabelied yn de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK). Finansjeel is ús ynset rjochte op in ôfsûnderlik bepaald budzjet foar in brede en alsidige programmearring, oerienkomstich de oanbefellingen fan de Tijdelijke Commissie Borging Friese Taal in de media. Wat dat oanbelanget sjogge wy in mienskiplike ferantwurdlikheid foar Ryk en provinsje.

Fraach 10:

Is de deputearre ree om de patstelling te trochbrekken mei in finansjeel oanbod, mei as doel de alsidige en folsleine Frysktalige programmearring struktureel mooglik te meitsjen?

Antwurd fraach 10:

Wy fine dat it Ryk, útgeande fan de mienskiplike ferantwurdlikens foar de Fryske taal en kultuer, lykas fêstlein yn de BFTK, ek in bydrage leverje moat oan de alsidige en folsleine Frysktalige programmearring. De mienskiplike ferantwurdlikens fan it Ryk en de provinsje om soarch te dragen foar de Fryske taal is yn 1970 erkend nei oanlieding fan it rapport Commissie Friese Taalpolitiek, en op 'e nij befêstige yn boppeneamde BFTK, en troch it ûndertekenen en ratifisearjen fan it Europeesk Hânfêst foar regionale talen en talen fan minderheden en it Ramtferdrach foar Nasjonale Minderheden. It is wichtich om dat prinsipe yn de lobby foar de Omrop foar eagen te hâlden.

Fraach 11:

Is de deputearre ree om mei dizze ynset de wetlike ferankering, de aparte differinsjearre finansiering en de eigenstannige posysje fan de Omrop as organisaasje te befoarderjen? Hokker oare mooglikheden sjogge jo noch, sjoen it feit dat it te besunigjen bedrach foar de steatssekretaris in fêststeand gegeven liket te wêzen?

Antwurd fraach 11:

De ynset is hjirboppe beskreaun. Wy folgje de line dy't bliken docht út de beândering fan de foarige fragen. Fierder wize wy fia de lobby de Twadde Keamer op de mienskiplike ferantwurdlikens en de bekostiging. It advys fan ROOS is noch net bekend, mar wy hoopje dat we dat mei de tiid ek brûke kinne om de eigenstandige posysje fan Omrop Fryslân te befoarderjen.

Fraach 12:

Wat hat de deputearre op dit stuit konkreet te bieden om ús grutte need en soarch, lykas dy fan de Freonen fan Omrop Fryslân, wei te nimmen?

Antwurd fraach 12:

Wy diele jo soarch en dy fan de Freonen fan Omrop Fryslân. Ús doel is in wetlike ferankering fan en bypassend budzjet foar Omrop Fryslân, basearre op Europeeske ferdraggen, de BFTK, de it Europeesk Hânfêst foar regionale talen en talen fan minderheden en it Ramtferdrach foar Nasjonale Minderheden, de Keamermoasjes en de tasizzingen nei oanlieding dêrfan fan steatssektaris Dekker. Dêr sille wy him oan hâlde.

Wy geane derfan út dat we jo hjirmei foldwaande ynformearre hawwe.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,



J.A. Jorritsma, foarsitter



A.J. van den Berg, siktaris

foar dizze H.M. van Gils, loko-sekretaris